

Obe Postma Selskip

OBE POSTMA
SELSKIP



**Algemeine
Ledegearkomste
2016.**

**Te hâlden op tiisdei 2
febrewaris 2016,
Kafee Wouters te
Ljouwert**

1.

Achte leden fan it Obe Postma Selskip,

Hjirby noegje ik jimme út namme fan it bestjoer fan it Obe Postma Selskip út foar de jierlikse ledegearkomste. Dy gearkomste wurdt hâlden op tiisdei 2 febrewaris 2016 en wol yn Kafee Wouters, Sophialeane 5, te Ljouwert. De wurklist fan it húshâldlik part en it programma fan it ynhâldlik part fine jo ûndersteand. Wolle jo, yn gefal jo dizze ledegearkomste bywenje wolle, my dêrfan efkes op 'e hichte stelle ? It leafst fia in e-mail.

Mei freonlike groeten,

Jan Gulmans, skriuwer
E-mail: jan@gulmans.com

Plak: Kafee Wouters, Sophialeane 5 te Ljouwert.
Tiid: 19.30 oant 21.45 oere.

Wurklist Algemeine Ledegearkomste

- (1) Iepening.
- (2) Mûnling jierferslach 2015, troch Jan Gulmans, skriuwer.
- (3) Werom- en foarútsjen: meidielingen oer 2015 en plannen oangeande 2016, troch George Huitema, foarsitter.
- (4) Finansjele saken: finansjeel ferslach 2015, kaskommisje, begrutting 2016, troch Jan Guichelaar, ponghâlder.
- (5) Wat der mear op it aljemint komt.
- (6) Ofsluting.

Skoft

Nei it skoft sille twa sprekkers oan it wurd komme, te witten Jan Dirk Wassenaar út Hellendoorn en Geart van der Meer út Midlaren.

Dr. Jan Dirk Wassenaar, skriuwer fan it mânske boek *Vreemdelingschap. Historische en hedendaagse stemmen uit kerk en theologie* (2014), freget yn de lêzing 'DR. OEPKE NOORDMANS OER IT FREMDLINGSKIP' omtinken foar de dualistyske libbensskôging fan de ferneamde teolooch. Hy sil dêrby ûnder oare wize op syn sensitivens foar ynsichten út de hoeke fan de eksistinsjefilosofy.

Dêrnei sil Dr. Geart van der Meer op 'e tekst oer 'OBE POSTMA: FAN WRALDSIELE DIEL EN TAGELYK BERN FAN DE IERDE'. Yn dit praatsje oer it wrâldbyld fan Postma sil it gean oer it gearranen fan 'Obe Postma' mei de 'al-siele', fan it momint mei de ivichheid, en lykwols de spjalt tusken geast en mearje. Troch de taharkers mei te nimmen troch foarbylden fan de poëzij fan Postma sil besocht wurde om in sa dúdlik mooglik byld te foarmjen fan syn filosofy.